

Simmerfakânsje nifeltip: Fiskjes

**Meitsje fan stiennen moaie fiskjes!
Do hast nedich:**

- **Stientsjes**
- **Skelk of âlde klean**
- **Finger- of wetterferve**
- **Kwast, stiften, wetter**

Sykje moaie stientsjes dêr'tst in fisk fan meitsje kinst. Leafst stientsjes dy't in bytsje rûn en plat binne.

- 1. Waskje de stiennen en as se drûch binne, kinst se fervje mei finger- of wetterferve.**
- 2. Fervje se earst yn ien kleur en meitsje oan beide kanten eagen.**
- 3. Jou it fiskje dan allegear kleurkes.**

Kinst se yn in grutte glêzen bak mei wat sân lizze, sa kinst se moai besjen. Protte wille!

